

# Minsken lykas jo en ik

Fd 5.26

## Roman

troch Jaap Krol

**T**wa dochters haw ik. Twa skoansoannen, in mem, en in eksman mei in nije frou. Twa broers, en trije skoansusters. Myn jongste broer Jouke is der net mear. Sa begjint *Wa fertelt de takomst* fan skriuwster Corry Boelens. Haadpersoan Wytske is in frou fan yn de fyftich mei in goedrinnende pedikuerepraktyk. Se wennet op harsels yn Ljouwert en giet faak eefkes op besite by har âlde mem, dy't yn 'e buert in keamer yn in appartemintekompleks hat. Har dochters binne Sandra en Fenna, tritigers dy't troud binne mei respektivelik Ruud en Menze.

Mei Sandra giet it goed: it wurk foldocht goed en har man Ruud is der ien út tûzenen. Mei him krijt se twa soantsjes, eachapeltsjes fan beppe fansels. Mei Fenna giet it net goed: it feit dat se mei Menze mar gjin bern kriget, lûkt in swiere wissel op de relaasje. Mei de ik-figuer Wytske giet it sa-sa. Fansels is der de ivige noed oer har twa fammen – hielendal yn dizze krusjale fase fan harren libbens – mar eins is se der noch hieltyd net wis fan of it beslút om har man Jehannes te ferlitten yndertiid de goeie beslissing west hat. Se wie doe noch in stik jonger, sadat se de bern hielendal allinnich grutbringe moast. It ferlies fan har jongste broer hat ek yngripend west – al is

de freonskip tusken har en Anneke (de frou fan Jouke) foar beide froulju in grutte stipe. As Sandra beslút Fenna en Menze te helpen, liket dat ynearsten in godsgeskink te wêzen, mar sa'n yngripende beslissing hat ek wer oare, net-foarsjoene gefolgen, dy't Wytske hoe dan ek mei harsels konfrontearje.

Mei grutte presysje wit Boelens de neden en soargen fan in frou dy't al wat op leeftyd komt, op te roppen. Under de kopkes kofje, tee en in inkeld gleske wyn wurde de urginte kwestjes besprutsen dy't yn alle (froulju)libbens plak hawwe sille. *Wa fertelt de takomst* hat dan ek mear it karakter fan in deiboek dan in fiktive roman, fyn ik.

De kwaliteit fan it boek sit him dan ek net yn it ferhaal, mar yn it rêstige ferteltempo fan de skriuwster. It ferhaal hat te lijen ûnder skematysk tekene persoanen (sa is der op alle figueren hielendal neat op te merken) en in foarsisbere spanning. Boelens moat it hawwe fan soarchfâldige formulearrings, persoanlike oertinkings en moaie obser vaasjes. It makket Wytske oan nimlik, in frou dy't krekt safolle fragen, eangst en moed hat as jo en ik.

**1** *Wa fertelt de takomst?* Corry Boelens, KFFB, 16 euro

